

Noait kinst dyn Heilâns macht oerskatte

1

Noait kinst dyn Heilâns macht oerskatte,  
fertrou op Him, syn wurd is wis.  
Faak sille freonen 't oerjaan moatte,  
mar noait in freon sa't Jezus is.  
Wat soe syn macht oan bannen lizze?  
't Hielal is fan syn gloarje fol  
en alle machten jouwe\_om sizzen  
as Hy syn leafde skinke wol.

2

Dy hoop fersêftet al ús pine.  
Kom, reisgenoaten, 't each op Him!  
Foar wa't har heil yn Jezus fine  
wurdt de besiking noait te slim.  
O hearlikheid, net ôf te mjitten,  
o freugd dy't ús fertriet ferdriuwet.  
Dêr is foar wa't har frjemdling witte  
in feilich thús dat ivich bliuwt.

*tekst* Hieronymus van Alphen

*oersetting* David de Jong

*meldij* Strasbourg 1545/Genève 1551 – Psalm 118